

Provinsjale Steaten fan Fryslân
Ornearre foar de hear S. Posthumus, FNP-
fraksje

Leeuwarden, 3 novimber 2020
Verzonden, **- 9 NOV. 2020**

Ons kenmerk : 01807933
Afd./Opgave : Ondernemend en Energiek Fryslân
Behandeld door : [REDACTED]
Uw kenmerk :
Bijlage(n) :

Onderwerp : Beändering skriftlike fragen oer ynformaasjesintra 'Europe Direct'

Achte hear Posthumus ,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkaam op 12 oktober 2020 beänderje wy sa.

Jo setten jo fragen útein mei de neikommende ynliding:

De Europeeske Kommisje (EK) is mei in 'open call' dwaande om yn Nederlân nije ynformaasjesintra oer Europa te iepenjen. Oant no ta wienen der mar in lyts tal (5) fan sokke sintra ûnder de namme 'Europe direct'. It hat ús bliken dien dat de EK no in bettere sprieding hawwe wol fan sokke 'Europe Direct-fêstigings oer Nederlân hinne, en it stribjen is leafst yn alle 12 provinsjes.

De Europe Direct fêstigings fungearje as ynformaasje- en fraachbaak foar ynwenners, bedriuwen, ûnderwiisinstellings en oare organisaasjes. Mei it each op de ambysjes fan Fryslân mei Europa om € 130 miljoen subsydzje yn te heljen út Brussel foar projekten en inisjativen hjirre, liket it de FNP ta dat der ek yn Fryslân sa'n fêstiging komme moatte soe. Dat kin boppedat in fersterking wêze fan it 'Europe ready' netwurk Fryslân dat al warber is. Yn it ferline hat yn it eardere beursgebou ek in Europe direct-fêstiging west, mar op in bepaald stuit is it konsintrearre yn Grins.

Ut streekrochte kontakten mei de Europeeske kommisje is ús ek dúdlik wurden dat der ek budzjet is foar in grutter tal kwalitatyf goede fêstigings. De 5 rinnende kontrakten rinne ôf en gadingmakkere moatte op – tige – koarte termyn reagearje. It hawwen en beminskjen fan sa'n sintrum kin Europa en regio tichterby inoar bringe en makket de kâns om subsydzjes binnen te heljen yn de regel net lytser. Ekstra argumint liket ús no de koroana-tiid, dêr't it les-tiger wurden is om yn Brussel te kommen.

Boppesteande is reden foar in tal fragen oan it Kolleezje:

Fraach 1:

Is it Kolleezje op de hichte mei de 'open call' fan de Europeeske kommisje foar nije ynformaasjesintra (ûnder de namme Europe direct)?

Antwurd fraach 1:

Wy wienen dêr noch net fan op 'e hichte.

Fraach 2:

Sa ja, binne jim it mei ús iens dat Fryslân dizze kâns net slûpe litte moat, yn ferbân mei ús ambysjes op it mêd fan subsydzje, mear ynternasjonale kontakten tusken regio en Europa en it stimulearjen fan goede projekten yn Fryslân?

Antwurd fraach 2:

Wy binne it mei jo iens dat de Fryske ambysjes op it mêd fan Europa, sa't dy fêstlein binne yn it Beliedsbrieff en de Útfieringsaginda Fryslân en Europa 2020-2023, baat hawwe by goeie kontakten tusken de regio en de EU.

Dêrfoar meitsje wy gebrûk fan ferskate kontaktmooglikheden dy't wy yn Brussel hawwe, bygelyks streekrocht mei leden fan it Europeeske Parlemint, it Komité fan de Regio's, de Permaninte Fertsjintwurdiging fan Nederlân by de EU, de Europeeske Kommisje of fia de lobbyisten fan it SNN, de fjouwer grutte Noardlike gemeenten, Wetsus, ensafuorthinne. Ek de Europeeske netwurken dêr't Fryslân oan dielnimt, jouwe in soad ynformaasje. En fierders binne wy op dit stuit mei Fryske partners (gemeenten, kennisystellings en klusterorganisaasjes) dwaande om de Fryske Projekten Masine op te tûgjen. Dêrmei kin de mienskiplike Fryske ynset op Europa hiel bot opfierd wurde.

Wy merke hjir noch by op dat it ynheljen fan Europeeske middels troch projekten benammen ôfhinget fan in goeie oansluting fan ideeën út Fryslân en oare Europeeske regio's op Europeeske ambysjes en programma's. Dat freget dielname oan netwurken en aktuele kennis fan Europeeske programma's (benammen nije calls). Wat dat oanbelanget binne wy as provinsje sels en troch ús boppeneamde kontakten foldwaande op 'e hichte fan wat der yn Europa spilet.

In nij ynformaasjesintrum 'Europe direct', dat neffens de link yn jo brief benammen algemiene ynformaasje oer Europa jout, sil foar Fryslân net in soad opsmite as it om subsydzjes en projekten giet.

Fraach 3:

Is it Kolleezje fan DS ree om in oanfraach yn te tsjinjen foar in Europe Direct-ynformaasjesintrum yn Fryslân, of faaks in oare organisaasje skewiele om dat te dwaan? Of hawwe jim dat al dien mei it each op de deadline fan 22 oktober (sjoch de link).

Antwurd fraach 3:

Sjoen de redenen dy't wy neamd hawwe by fraach 2, binnne wy net ree om sa'n oanfraach yn te tsjinjen. Wat it skewielen fan oare organisaasjes oanbelanget sille wy de ynformaasje oer Europe Direct diele mei de VFG en de partijen dy't belutsen binne by it opsetten fan de Fryske Projekten Masine.

*Fraach 4:
Sa nee, wêrom net?*

Antwurd fraach 4:
Sjoch fraach 2 en 3.

Mei heechachtinge,
Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter



R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, siktaris

voor deze, de loco-provinciesecretaris